



**DE FRYSKE
MARREN**

Ferkieziingsprogramma
2026 - 2030



**EACH FOAR
DYN TAKOMST**

Foaropwurd

It CDA De Fryske Marren stiet mei in hoopfol ferhaal midden yn de mienskip. Wy komme op foar minsken dy't alle dagen it goede dwaan wolle. Alle dagen bouwe wy mei jo oan de moaie gemeente dêr't wy yn wenje, wurkje en rekreëarje meie. Dêr't minsken ûnderdiel binne fan in sterke mienskip en dêr't elkenien telt. In gemeente dêr't bern feilich opgroeie, âlderen goede soarch krije, ûndernimmers de romte krije en ús maatskippij brûst!

Us ferhaal

It is krekt de krêft fan dy maatskippij dêr't wy yn leauwe. Dêr't minsken elkoar moetsje, tsjerken, ferieningen, sportklups, (famylje)bedriuwen of koöperaasjes. Dêr't respekt, wearden en noarmen net âlderwetsk binne, mar just koestere wurde. Wêr't it algemien belang boppe it eigen belang giet. Dêr't minsken ferantwurdlikheid nimme foar harren leefomjouwing, omsjogge nei elkoar en foar elkoar soargje. Wêr't wy de wrâld better trochjouwe oan ús bern en bernbern. Mei-inoar kinne wy mear.

Us kompas

It CDA leaut yn de krêft fan de mienskip. Us fjouwer kearnwearden binne dêrby ús kompas. Dy wearden binne de basis foar ús ynset foar De Fryske Marren en dêrmei ek de basis foar dit ferkiezingsprogramma: solidariteit, gerjochtichheid, dielde ferantwurdlikheid en omtinken foar takomstige generaasjes.

In polityk fan gearwurkjen

Ut dy gedachte wei pakke wy ús ferantwurdlikheid graach op. Wy binne derfan oertsjûge dat der in polityk fan gearwurkjen nedich is. It CDA is in lokale partij mei koarte linen mei sawol Fryslân, Den Haag as Brussel. Wy steane foar in konstruktive koers. It CDA De Fryske Marren leveret dit al mear as 45 jier.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

Foar jo lizze ús plannen foar De Fryske Marren foar de perioade 2020 -2030. Us prachtige plattelânsgemeente mei mear as 50.000 ynwenners, in soad ferienings en bedriuwen en wêr't de lânbou en de toeristyske sektor de twa grutste sektoaren fan ús gemeente binne. Wy litte sjen wêr't wy ús fokus lizze en hoe't wy bouwe wolle mei each foar dyn takomst. Oan in mienskip dêr't minsken ta harren rjocht komme en it goed (mei-inoar)libjen is en dêr't romte is om te ûndernimmen en te wurkjen. In ferhaal fol boustiennen, ideeën en foarstellen.

Bouwe oan de takomst dogge we mei-inoar

Jo stipe is ûnmisber om ús ferhaal foar in fatsoenlik De Fryske Marren foarm te jaan. Wy nûgje jo fan herten út om mei ús te bouwen oan'e takomst. Want in sterke mienskip begjint by jo, by dy. Meie wy op 18 maart op jo stim, op dyn stim rekkenje?

Ynhâldsopjefte

1. In ferantwurdlike en belutsen maatskippij.....	4
<i>Kultuer, tradysjes en lokale eveneminten</i>	<i>4</i>
<i>Sosjale gearhing</i>	<i>5</i>
<i>Berneopfang en ûnderwiis: ynfestearje yn kânsen foar alle bern</i>	<i>6</i>
<i>Asyl en yntegraasje</i>	<i>8</i>
2. Romte om te ûndernimmen	9
<i>Sterke ekonomy en wurkgelegenheid yn De Fryske Marren.....</i>	<i>9</i>
<i>In takomstbestindige lânbou yn balâns mei minske, natuer en leefomjouwing</i>	<i>10</i>
3. In sûne, aktive en feilige maatskippij.....	12
<i>Previnsje</i>	<i>12</i>
<i>Gearwurkje.....</i>	<i>12</i>
<i>Sport en beweging.....</i>	<i>13</i>
<i>Soargje dogge we mei inoar</i>	<i>14</i>
<i>Investearje yn mei-inoarlibjen en de lange termyn.....</i>	<i>14</i>
<i>Nim net alle soarch oer</i>	<i>14</i>
<i>Jeugdsoarch.....</i>	<i>14</i>
<i>Feiligens en ûndermynjende kriminaliteit</i>	<i>15</i>
<i>Besteanswissichheid en earmoedebestriding.....</i>	<i>16</i>
4. Wenjen, iepenbiere romte en berikberens.....	17
<i>Wenjen en folkshúsfêsting.....</i>	<i>17</i>
<i>Duorsumens en enerzjy</i>	<i>18</i>
<i>Mobiliteit en ynfratraktuer</i>	<i>19</i>
<i>Iepenbiere romte en leefomjouwing</i>	<i>20</i>
<i>Ruimte met een toekomst.....</i>	<i>21</i>
5. De gemeente betelber en tichteby	22
<i>De gemeente tichtby: in tagonklike en belutsen gemeente foar elkenien</i>	<i>22</i>
6. Tankwurd	24

1. In ferantwurdlike en belutsen maatskippij

Wêr stean wy foar

Wy leauwe yn'e krêft fan in maatskippij dêr't minsken omsjogge nei inoar en dêr't op gjinien delsoen wurdt. Dêr't sprake is fan mienskip. Dêr't elke ynwenner nettsjinsteande eftergrûn, aard, kultuer of oertsjûging, him ferbûn fielt mei in ferantwurdlikheid foar de eigen libbensomjouwing. Wy leauwe yn in Nederlân dêr't tradysje en mienskipssin hân yn hân geane en dêr't wy bouwe oan in mienskip dy't elkenien rjocht docht.

Kultuer, tradysjes en lokale eveneminten

Kultuer, tradysjes en lokale eveneminten foarmje de basis fan ús mienskip en fersterkje ûnderlinge ferbûnens. It CDA sjocht keunst, kultuer en religy as boarnen fan ynspiraasje en krêft, benammen yn tiden fan ûnwissens.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy wolle kultuer tagonklik hâlde, sadat elke ynwenner - jong en âld - him ferbûn fiele kin mei ús skiednis en dat trochjaan kin oan takomstige generaasjes. It folwoeksenefûns sport en kultuer en it jeugdfûns sport en kultuer moatte dêrom behâlden bliuwe.
- Wy stypje kultuer en tradysje mei in regionaal of lokaal karakter, fan karnaval yn Bokkedam oant karbidsjitten en fan it Concours Hippique oant de Allegoaryske Optocht.
- Wy meitsje it organisearjen fan eveneminten makliker. De ôfrûne jierren hawwe wy ús aktyf ynset om ûnnedige regels ôf te skaffen en dêr bliuwe wy ús de kommende jierren ek foar ynsetten. Sa krije ferieningen, doarpen en frijwilligers wer de romte om mei-inoar moaie aktiviteiten en eveneminten te organisearjen.



Sosjale gearhing

It ferieningslibben is it semint fan de maatskippij. Dat jildt sawol foar sport as foar kultuer. Ferienings soargje foar ferbining en ferantwurdlikheidsgefoel. Mei-inoar sporte, bewege, toaniel spylje of muzyk meitsje, fersterket net allinnich de sûnens mar ek de sosjale gearhing yn ús doarpen en stêd. Dêrom stypje wy ferienings en frijwilligersinisyntiven dy't bydrage oan in sterke mienskip.

Foar it CDA binne frijwilligers goud wurdich. Frijwilligers jouwe kleur oan de maatskippij, hâlde ferieningen draaiend en litte de maatskippij bloeie. Nederlân hat in grutte groep frijwilligers, wêrûnder ek bestjoerders fan in soad ferieningen en ynstellingen. Tagelyk sjogge wy ek dat it hieltijd dreger wurdt om frijwilligers te finen dy't har lange tiid oan in rol ferbine wolle.

Wy stypje dan ek sportferieningen, toaniel - en muzykferieningen en de frijwilligers dy't in krúsjele rol spylje yn de mienskip. Dit dogge wy ûnder oare troch betelbere (seal)hieren. We ynvestearje dêrneist yn iepenbiere sport- en boartersplakken wêr't jong en âld bewege kin en inoar moetsje kin. Troch in fêste kontaktpersoan / kontaktpunt by de gemeente foar sawol de sport- as kulturele ferienings, hâlde wy ferbining en fersterkje wy inoar.

Ek de pleatslike belangen, doarpsbelangen, buert/wykferieningen en doarpshuzen binne fan grut belang foar de sosjale gearhing. Wy hawwe de ôfrûne jierren in soad kontakt mei harren hân en de jiergearkomsten fan alle pleatslike- en doarpsbelangen bywenne. Sa witte wy en wit de gemeente wat der spilet yn in doarp, buert of stêd. Doarpe-koördinatoaren binne de ferbinende skeakel tusken doarpsbelangen, doarpshuzen en de gemeente. We hechtsje in soad wearde oan harren wurk en wolle harren dan ek behâlde.

*"Omsjen nei inoar is gjin taak fan de oerheid allinnich,
dat dogge wy mei-inoar" (Kees Mulder, Broek)*

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy sette aktyf yn op frijwilligersbelied, om sa al it wurk dat frijwilligers dogge en de ferantwurdlikheid dy't hja op harren nimme te erkennen en te stypjen. De jierlike útrikking fan de Gouden Tomme by de nijjiersresepsje moat behâlden bliuwe en wy wolle dat it stipepunt foar frijwilligers by ús wolwêzensorganisaasje de Kear aktiver útdroegen wurdt.
- Wy wolle in spesifike Gouden Tomme foar de doelgroep jongerein dy't harren fertsjinstlik ynsette foar de maatskippij.
- Wy fersterkje de Mienskip troch ûnderlinge moeting fan minsken yn doarpshuzen, sportkantines of oare moetingplakken mooglik te meitsjen – eventueel yn gearwurking mei De Kear – fia it aktiviteitebudzjet en it tsjerkebudzjet. Dêrneist moatte dizze plakken safolle mooglik behâlden bliuwe foar aktiviteiten yn de doarpen en stêd.
- Troch behâld fan it tsjerkebudzjet en oare subsydzjes foar aktiviteiten en doarpshuzen, stypje wy inisyntiven fan bewenners om harren eigen doarp, stêd of strjitte moaier, leefberder en/of duorsumer te meitsjen, lykas bygelyks it ferduorsumjen fan sportkantines en doarpshuzen, de oanlis fan in jeux-de-boulesbaan of in mienskiplike grientetún.
- Wy stimulearje doarpsinisyntiven, wêrby 't frijwilligers ferskate aktiviteiten yn al ús 50 doarpen en de stêd Sleat organisearje.



- De gemeente stipet inisjativen út de maatskippij foar it organisearjen fan festivals lykas Brêgepop, The Proms of Harich en de ferskate doarpsfeesten dy't De Fryske Marren ryk is.
- Wy wolle ien kontaktpunt (bygelyks in kontaktfunksjonaris of loket) foar sport- en kultuerferieningen, dêr't men terjochte kin foar fragen en stipe fan it (bestjoers)wurk en dêrneist stipe by it oanfreegjen fan (ferduorsumings)subsydzjes, foar aktiviteiten of ferbou fan bygelyks it kluphûs.
- Bestjoerders binne ûnmisber foar it ferieningslibben yn De Fryske Marren. Wy wolle dizze minsken better stypje. Dêrom stelle wy in leechdrompelige kursus of begeliedingstrajekt beskikber foar (nije) bestjoersleden. Hjiryn krije se praktyske hânfetten, kennis oer wet- en regeljouwing en kinne sy ûnderfiningen útwikselje mei oaren. Sa soargje wy derfoar dat it bestjoerswurk makliker en oantrekliker wurdt - en hâlde wy ús ferienings sterk en fitaal. CDA lanlik set him ek yn om de oanspraaklikens fan frijwillige bestjoerders te ferlichtsjen.
- Wy wolle de doarpekoördinatoaren behâlde en eventueel de oeren útwreidzje.
- Ut ferskate ferieningen wei, lykas sport, kultuer en ûndernimmersferieningen krije wy positive feedback oer harren kontakten mei de gemeente. Wy wolle graach in benaderbere en positive gemeente bliuwe, seker ek foar ús ûndernimmers en ferieningen en wolle dy rol bliuwend fersterkje.

Berneopfang en ûnderwiis: ynfestearje yn kânsen foar alle bern

Goede berne-opfang en kwalitatyf ûnderwiis binne essinsjele pylders foar in maatskippij dêr't elk bern him optimaal yn ûntwikkelje kin. Se biede in feilige en stimulearjende omjouwing dêr't bern yn leare, freonen meitsje en selsfertrouwen opbouwe. It CDA leaut yn in sterke gearwurking tusken berne-opfang, skoallen, âlden en de buert. Wy wolle dêrom ynfestearje yn yntegrale bernesintra as ferbinend plak. Berne-opfang en skoallen spylje neist âlders in krúsjele rol yn it betiid sinjlearjen fan problemen dy't de ûntwikkeling fan bern behinderje. De gearwurking tusken skoalle en de skoalmaatskiplik wurker en de learplichtkonsulint is fan belang om útdagingen lykas kânseûngelikens en thússitten oan te pakken.

By it ynvestearjen yn gelikense kânsen is it essinsjeel om skoalle, thús en omjouwing mei-inoar te ferbinen. Dêrby is de rol dy't de jongereincoaches fan ús wolwêzensorganisaasje De Kear oppakt op it Fuortset Underwiis ûnmisber.

De gemeente set him sa aktyf yn om de oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk te fersterkjen en ynstellings foar beropsûnderwiis te stypjen. Yn De Fryske Marren dogge wy dat yn gearwurking mei it 3oBURO en spesifyk foar de VMBO doelgroep troch Súd Fryslân On Stage. It 3oBURO ferbynt ûnderwiis en ûndernimmers troch it organisearjen fan gastlessen, bedriuwbesiten en speeddates, om jongerein te ynspirearjen en te begelieden nei in bewuste en suksesfolle karriêrekar. Súd Fryslân On Stage is rjochte op it (learen) lizzen fan duorsume kontakten dêr't jongeren ek letter nochris in berop dwaan kinne.



Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy sette yn op it oanpakken fan ûnderwiisefterstannen. Alle pjutten dy't in taalefterstân hawwe, krije fergees foarskoalske edukaasje (2,5 - 4 jier), sadat sy better taret oan groep 1 begjinne. Mocht der op in lokaasje gjin foarskoalske edukaasje oanwêzich wêze, dan wurdt der in ekstra sertifisearre groepskrêft út en troch ynflein (de 'fleanende brigade') om de pjut taalrike begelieding te jaan.
- Wy wolle safolle mooglik foarkomme dat learlingen thússitte en net nei skoalle gean. Dêrom wolle wy ekstra ynsette op previnsje, sadat skoalmaatskiplik wurk en ús learplicht konsulinten mear oeren op de skoallen oanwêzich wêze kinne en better mei skoallen en gearwurkingsferbannen gearwurkje kinne.
- Begjin 2025 is it útfieringsprogramma fan it Integraal Huisvestingsplan 2026 – 2041 fêststeld. Yn dit plan is alle jierren oanjûn hokker skoalgebouwen yn oanmerking komme foar (fer)nijbou of renovaasje. It plan is yn gearpraak mei de skoalbestjoeren en berne-opfangorganisaasjes opsteld. Dêrmei foarsjogge wy yn duorsume takomstbestindige skoalgebouwen, wêrby't de trochrinnende ûntwikkeling fan it bern sintraal stiet. Ynvestearrings yn dy ûnderwiishúsfêstingsplannen stelle wy net út.

- Beropsûnderwiis is de startmotor fan de lokale ekonomy. Wy fersterkje dêrom de oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk troch te ûndersykjen oft it wurk fan it 3oBURO ferbrede wurde kin nei it MBO, troch it beropsûnderwiis aktyf te belûken by ekonomyske plannen.
- Dêrneist kin it netwurk fan it 3oBURO ynset wurde om lokale ûndernimmers te stimulearjen om Maatskiplike Tsjinsttiid (MDT) ûnder de oandacht te bringen en as staaasje oan te bieden oan jongerein.
- Wy fine it wichtich dat ús jongerein de kâns krijt om nei skoalle yn ús regio wurkjen te bliuwen. Dêrom sette wy ús yn om 'On Stage' te behâlden foar de VMBO-learlingen fan De Fryske Marren.

Asyl en yntegraasje

Yn dizze tiid fan ferhurding sette wy yn op ferbining. Ferantwurdlikheid en solidariteit binne liedend yn ús ynset om flechtlingen in feilich plak yn ús maatskippij te bieden. Tagelyk hâlde wy each foar it ferlet fan alle ynwenners. It is in dûbele ferantwurdlikheid dy't spanningen mei him meibringt. It asylsikerssintrum yn Balk sil yn oktober 2026 definityf sletten wurde, wêrby't de ynwenners fan Balk en omkriten de ôfrûne 10 jier harren tige posityf ynset hawwe foar de flechtlingen yn it azc. Wy hawwe dêr in soad wurdearring foar.

De gemeenteried hat yn 2024 besletten dat der yn de takomst in asylsikerssintrum bliuwe moat yn de gemeente. Foar it CDA is dêrby kwaliteit fan de opfang liedend mei it leafst in lytsskalige opfang. De grinzen fan de spankrêft fan de maatskippij moatte wy yn it each hâlde omdat wy oars de belofte fan in goede yntegraasje net wiermeitsje kinne. Wy moatte dêrby ek foarkomme dat de útdaging foar ûnder oare soarchynstellingen, maatskiplike organisaasjes en ûnderwiisynstellingen te grut wurdt.

It plan fan oanpak foar in nij AZC wurdt flak nei de ferkiezings ferwachte. Wy wolle dat dêrnei gau aksje ûndernaam wurdt sadat gemeente De Fryske Marren foldocht oan de ferplichting fan de Spreidingswet.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy fine it wichtich dat de gemeente De Fryske Marren foldocht oan de ferplichting fan de Spreidingswet.
- Us foarkar giet út nei lytsskalige opfang.
- Yn it ramt fan ynklusy en yntegraasje fine wy it wichtich dat nijkommers aktyf dielnimme oan de maatskippij, mei respekt foar/achtslaan fan jildende noarmen en wearden, wêrby't de mienskip harren iepen en behelpsum temjitte komt.

2. Romte om te ûndernimmen

Wêr stean we foar

Foar it CDA stiet de ekonomy yn tsjinst fan it goede gearlibjen. Wy leauwe dat in sterke ekonomy in maatskippij mooglik makket dêr't elkenien in kâns krijt om him te ûntwikkeljen en by te dragen. De ekonomy moat minsken by steat stelle te bloeien, mei solidariteit en rjochtfeardichheid as fûnemint. Wy fine wichtich dat de ekonomy net allinnich draait om winst, mar ek om it wolwêzen fan alle ynwenners.

Sterke ekonomy en wurkgelegenheid yn De Fryske Marren

Wy binne in plattelânsgemeente, mei in sterke basis yn'e makyndustry (dêrûnder de bou), lânbou, rekreaasje & toerisme en it MKB. Dy sektoaren foarmje de rêchbonke fan ús lokale ekonomy. It CDA wol dat dizze sektoaren bloeien bliuwe en mei-inoar yn balâns bliuwe.

Us ûndernimmers soargje foar wurkgelegenheid en ferdivedaasje en hawwe dêrneist in wichtige rol yn it maatskiplike libben. In soad bedriuwen jouwe faak in bydrage oan ferieningen en eveneminten en binne dêrby like ûnmisber as alle frijwilligers. Dêrom sette wy ús yn foar in oantreklik fêstigingsklimaat en goede betingsten om ûndernimme te kinnen.

Yn dat ramt meitsje wy ús soargen oer de berikberens fan ús bedriuwen. De opkear op de A7 by Snits en de beheinde belestberheid fan de brêge by Spannenburch foarmje knyp punten foar it fracht- en lânbouferkear, en mooglik yn de takomst ek foar it reguliere autoferkear. Dit hat direkte gefolgen foar ûndernimmers, transporteurs en agrariërs.

Dêrneist spilet de oerbelêsting fan it elektrisiteitsnet in hieltyd gruttere rol. Bedriuwen dy't útwreidzje wolle of har yn ús gemeente fêstigje wolle, krije soms gjin tagong ta in nije of swierdere oansluting. Dit behinderet groei, ynnovaasje en ferduorsuming. Hoewol't wy net foar al dizze tûkelteammen oan'e latte steane, wolle wy as gemeente wol ús bydrage leverje. De ynfrastruktuer – sawol kwa diken, enerzjy en dataferkear – moat op oarder wêze, sadat ûndernimmers de romte krije om te ûndernimmen.



As lêste wolle wy in oantreklike gemeente wêze foar rekreanten en toeristen. Dêrby stribje wy nei in bettere sprieding fan besikers oer it jier, sadat net allinnich yn de simmer, mar just ek yn de wintermoannen mear minsken ús gemeente witte te finen. Dat fersterket de lokale ekonomy en soarget foar in mear lykwichtige benutting fan ús foarsjenningen.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- It yn goede steat bringen en hâlden fan ús ynfrastuktuer en op alle nivo's (provinsjaal en lanlik) ús hurd meitsjen foar in flugge ferfanging fan de brêge fan Spannenburch.
- Wy wolle aktyf bydrage oan it oplossen fan de oerbelêsting fan it net. Wy ferwize foar ús plannen nei de paragraaf oer duorsumens.
- Wy ûndersykje oft de gemeente in bemiddeljende rol spylje kin yn cable pooling, wêrby't bedriuwen in oansluting op it elektrisiteitsnet diele of wêrby't wurke wurde kin mei in tûke enerzjyopslach (batterijen en sa). Wy wolle dêrmei soargje dat (swierdere) oanslutingen earder realisearber binne. Dat komt de bedriuwichheid te'n goede.
- Wy behâlde ien sintraal gemeentlik stipepunt foar ûndernimmers, troch de bedriuwekontaktfunksjonaris. Om derfoar te soargjen dat bedriuwen sa goed mooglik harren paad fine kinne binnen de gemeente, is it wichtich om de gemeentlike tsjinstferliening op oarder te hawwen.
- Wy wolle in soepele fergunningproseduere en skrasse ûnnedige betingsten binnen dy fergunningen, sadat ynwenners, bedriuwen en organisaasjes better fasilitearre wurde.
- Wy sette ús yn foar mear winterhurde logys en seizoenferlinging sadat rekreaasje jierûn bydraacht oan wurkegelegensheid en foarsjenningen.
- Wy bliuwe gearwurkje mei gemeente Súdwest-Fryslân oan in sterke en werkenbere regiopromoasje.
- Wy soargje derfoar dat rekreaasje foar elkenien tagonklik bliuwt: foar ynwenners en gasten.

In takomstbestindige lânbou yn balâns mei minske, natuer en leefomjouwing

It CDA stiet foar in sterke, op'e takomst rjochte lânbou dy't yn balâns is mei natuer, miljeu en de leefomjouwing. Boeren binne foar ús ûnmisbere partners yn it behear fan it lânskip.



Yn in wrâld mei tanimmende geopolitike ûnwissichheden wurdt lokale produksje fan iten hieltyd wichtiger.

As CDA De Fryske Marren binne we ús bewust fan de opjeften yn de agraryske sektor. Dêrom kieze wy foar gearwurking yn stee fan polarisaasje. Boeren leverje net allinnich iten, mar drage ek by oan natuerbehear, biodiversiteit en de leefberens fan it plattelân. Dêrfoar fertsjinje de boeren wurdearring. Wy sette ús yn foar in lânbou dy't ekonomysk hâldber is, ekologysk ferantwurde en maatskiplik ferbûn.

Wy erkenne dat de sektor feroaret. Net alle boeren hawwe in opfolger, en by bedriuwbeëiniging wurdt grûn faak oernommen troch kollega's út de omjouwing. Wy wolle dat boeren trochûntwikkelje kinne yn it ramt fan in reedlik ynkomen, easken op it mêd fan de bistewolwêzen, stikstof en de opjeften fan it feangreidegebiet. Dêrneist binne der soargen om sierteelt en gewaaksbeskerming hinne. Yn 2025 fûn hjirroer in debat plak en wurdt ûndersyk dien nei it ynstellen fan spuitfrije sônes. Hoewol't wy begripe dat der soargen binne, binne wy weromhâldend mei it oplizzen fan ekstra lokale regels boppe-op lanlike wet- en regeljouwing. Wy leauwe dat ôfspraken yn'e foarm fan in konvenant tusken boeren, tûnkers en omwenners faak effektiver en better útfierber binne.

As CDA kieze wy foar in realistysk lânboubelied dat romte biedt oan agrariërs en rjocht docht oan'e omjouwing. Net troch regels te steapeljen, mar troch gear te wurkjen oan takomstbestindige oplossingen en lokaal mei-inoar yn petear te gean, ek om dêrmei it begryp fan wjerskanten te fergutsjen.

*“Undernimmers fertsjinje romte, betrouwen
en takomstperspektyf” (Cor Flapper, Harich)*

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy wolle boeren de romte jaan om op harren thúslokaasje troch te ûntwikkeljen en wêr't dat nedich is út te wreidzjen of te ekstinsivearjen of it ûntwikkeljen fan in twadde tûke, mits dat passend is binnen de romtlike en lânskiplike kontekst.
- Foar leechsteande pleatsen wolle wy linige werbestimming mooglik meitsje, lykas fia in read-foar-read regeling. Dit makket it mooglik om bygelyks âlde (lis)boksstâlen te fergangen foar de bou fan wenningen of oare passende funksjes.
- Wy binne tsjin it steapeljen fan lokale regels op besteande lanlike wet - en regeljouwing. Yn stee dêrfan sette wy yn op it fasilitearjen fan petearen tusken boeren en omwenners, bygelyks om it brûken fan gewaaksbeskermingsmiddels yn de siertylt hinne.

3. In sûne, aktive en feilige maatskippij

Wêr stean wy foar

It CDA wol de soarch yn De Fryske Marren beskikber, berikber en betelber hâlde. Dêrfoar stribje wy nei in maatskippij dêr't wy ferantwurdlikens yn drage, net allinnich foar ús eigen sûnens, mar ek foar it wolwêzen en de sûnens fan de oar. Hjiryn wurket de gemeente gear mei De Kear, de GGD, de biblioteek, húsdokters, fysioterapeuten en oare soarchferlieners.

It fûnemint fan in sûne maatskippij leit yn'e gearwurking tusken oerheid, mienskip, soarchferlieners en famyljes. Mantelsoarch en mienskipsssoarch spylje dêr in wichtige rol yn. Wy pleitsje foar in soarchsysteem dat betrouwen stelt yn sawol de soarchferliener as de soarchûntfanger, wêrby't de burokrasy fermindere wurdt, sadat de soarch mear rjochte is op minsken as op papieren.

Previnsje

Previnsje is foar it CDA in wichtich punt fan omtinken om sûnensproblemen te krijen en sa de druk op de soarch te ferlichtsjen. Dêrom wolle wy fierder ynvestearje yn previnsjeprogramma's dy't minsken stypje by it meitsjen fan sûne karren. Dat begjint by in sûne omjouwing, bygelyks troch in feilige en griene bûtenromte en bewustwurdingskampanjes oangeande fieding, beweging en mentale sûnens. Foar jong en âld. It is goed dat de gemeente in aktive rol hat yn it befoarderjen fan sûnens op skoallen, yn wiken, doarpen en yn it ferieningslibben.

Gearwurkje

De hjoeddeistige ferienings spylje op in soad plakken yn op it feroarjend ferlet fan previnsje en sûnens. It CDA set dêrom yn op de gearwurking tusken ús sport-, kultuer- en beweechcoaches mei de besteande sport - en kultuerferieningen.

"Ferieningen en frijwilligers binne it klopjend hert fan ús gemeente" (Barbara Gardeniers, Terherne)

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Troch yn te setten op previntive inisjativen, besykje wy sûnensproblemen safolle mooglik foar te kommen. Tink dêrby oan beweechprogramma's, âldereingym, falprevinsje, bewustwurdingskampanjes op it mêd fan mentale sûnens, tsjingean fan drugs, smoken, alkohol en it stimulearjen fan sûn iten en sosjale kontakten en tsjingean fan pesten. Wêr mooglik pakke wy dit op yn oparbeidzjen mei it ûnderwiis en (sport)ferienings.
- Wy stimulearje sûne sportkantines en it stypjen/fasilitearjen fan kantinebehearders en ferieningsbestjoeren.
- Troch ús sport- en kultuer- en beweechcoaches stimulearje wy de gearwurking tusken ûnderwiis/bûtenkoalske opfang en sport - en kultuerferieningen, sadat de gymlessen ek ynfolle wurde kinne op, by en faaks sels troch in sportferiening. Ek kin der kennis makke wurde mei muzyklessen.

Sport en beweging

Foar it CDA binne sport en beweging prioriteit. Sport bringt minsken byinoar, befoarderet fysike en mentale sûnens en draacht by oan mienskipssin. It CDA set him bliuwend yn foar leechdrompelige en betelbere sportfoarsjenningen, sadat sport tagonklik is foar alle leeftiden en achtergrûnen. Wy soargje foar genôch en goed ûnderhâlden gymsealen, sporthallen en sportsealen yn ús gemeente. Dêrneist moat der foldwaande swimwetter yn de gemeente oanwêzich wêze, om de bern de needsaaklike swimlessen folgje te litten foar ús wetterrike gemeente.



Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Fia it sportfûns wurde klups dy't dy sport mooglik meitsje foar minsken mei in beheining stipe.
- Wy stimulearje dat ynwenners yn 'e kunde komme kinne mei ferskate sporten, bygelyks troch te ûndersykjen oft wy in lokale sportpas yntrodusearje kinne.
- Nei de pilot fan bûten Bewegen, Ontmoeten, Sporten en Spelen (BOSS) yn Bakhuzen en De Lemmer, wolle wy dat dit breder útrôle wurdt yn de hiele gemeente, sadat iepenbiere griene pleinen útnûgje ta boartsjen, moetsjen en bewegen.
- Njonken sporten yn ferieningsferbân, dogge in soad minsken dat ek yn ús parken en de natuer. Dat wollen wy stimulearje mei in útnûgjende bûtenromte, bygelyks mei mear hurdrinrûtes, goeie kuierpaden en bûten sportfoarsjenningen.
- Wy ferbetterje de gearwurking tusken de gemeentlike en net-gemeentlike sporthallen, sadat de kapasiteit fan de sporthallen better benut wurdt en de krapte dy 't winterdeis ûnderfûn wurdt by de binnensport, ôfnimt.
- Troch it akkommodaasjebelied stimulearje wy gearwurking tusken ferienings, sadat ús sportferieningen takomstbestindich, berikber en betelber bliuwe.
- Wy wolle yn 'e mande mei sportferieningen in yntegraal fjilden plan opstelle (ferlykber mei it yntegraal hûsfestingsplan foar it ûnderwiis). Dit dogge wy sadat ferienings oer in langere perioade dúdlikheid krije oer de fernijing of ferbettering fan sportfjilden. Dêrneist liedt dy planmjittige oanpak ta in soarchfâldigere besteging fan beskikbere middels. Sjoch as foarbyld it plan fan de gemeente Hardenberg.
- Wy binne in wetterrike gemeente. Wy fine dat der genôch mooglikheid wêze moat om swimûnderwiis te folgjen yn de buert.

Soargje dogge we mei inoar

It CDA stiet foar in ferantwurdlike maatskippij wêryn't minsken omsjogge nei elkoar en foar inoar soargje. Tink dêrby oan mantelsoarch en mienskipsoarch. Om mantelsoargers (tydlik) te ûntlêsten, pleitsje wy foar mear stipe. Dat kin troch de ynset fan útstelsoarch, deibesteging en stipe (ynformaasje en advys) te bekostigjen.

Investearje yn mei-inoarlibjen en de lange termyn

De soarch foar inoar stiet ûnder druk. Wy binne wiis mei de inisjativen dy't de maatskippij en de ferbining tusken it sosjaal en medysk domein fersterkje. Tink oan hûsbesites oan (iensume) âlderen troch frijwilligers, de ynset fan *Welzijn op Recept* en de *POH Jeugd* by hûsdokters.

Nim net alle soarch oer

De gemeente tsjinnet as fangnet: as minsken soarch nedich hawwe is it goed earst te sjen wat de ynwenner sels kin, dêrnei te sjen hokker help fanút de famylje en mienskip mooglik is en pas as slútstik in berop te dwaan op professionals. Allinnich sa kinne wy derfoar soargje dat de soarch beskikber en betelber bliuwt.

De fokus leit hjirby net op selsredsumens, mar op mei-inoarredsumens. It freget om in kar te meitsjen dêr't de mei-inoarredsumens fan de maatskippij ophâldt en de soarch fan de gemeente begjint. Sa nimme wy by swierrichheden net alle soarch oer, mar soargje wy derfoar dat it netwurk of it gesin - mooglik mei stipe - wer sa selsstannich en goed mooglik funksjonearje kin. Dit betsjut dat we wêr't it kin in berop dogge op de âlden en/of it netwurk lykas famylje of de buert. Dêrby moatte wy ús derfan bewust wêze dat it tal soarchmeiwurkers de kommende jierren hieltyd krupper wurdt.

Jeugdsoarch

De ôfrûne jierren binne de kosten foar de jeugdsoarch bot omheech gien, ek yn De Fryske Marren. Sifers litte sjen dat de stiging net te krijen hat mei mear jongeren dy't gebrûk meitsje fan de jeugdsoarch, mar wol dat de soarch djoerder wurden is en dat der mear kompleksere soarch levere wurdt.

As CDA wolle we dat der minder sjoen wurdt nei wat der mis is mei it bern. Gjin ien bern is gelyk of ûntwikkelet him gelyk. Wy fine dat elkenien syn eigen talinten hat en as in bern him net neffens de 'noarm' ûntwikkelet is der net direkt in probleem dêr't in 'label' op plakt wurde moat of diagnoaze foar steld wurde moat. Mei de âlden, de JGZ, it ûnderwiis, de berne-opfang en it wykteam wolle wy normalisearje, de fariëteit fan de ûntwikkeling fan bern wer omearmje en mei-inoar sjen nei hoe't wy de kontekst om it bern hinne feroarje kinne.

Wy wolle ek de sosjale basis fersterkje, tink oan goed ûnderwiis, leechdrompelige sport- en kultuerfoarsjenningen, leechdrompelige opfiedstipe en in sterke buert en mienskip.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy stypje (jonge) mantelsoargers troch harren krúsjale rol yn ús soarchsysteem te fasilitearjen troch út de gemeente wei de nedige omtinken en stipe te bieden. We wolle dêrom de mantelsoarchwurdearring en it jierlikse simmerkamp behâlde.
- Wy stypje kwetsbere ynwenners om sterker yn de mienskip te stean. Oan de iene kant troch harren te belûken by it bepalen hokker stipe oft se nedich hawwe. Oan 'e oare kant wolle wy kursussen oanbiede, formulieren brigades, stipeâlden en taalmaatsjes.

- Troch de dûbelde fergrizing (mear âlderen en wy wurde âlder) yn kombinaasje mei it ôfnimmen fan it tal potinsjele mantelsoargers en in delgeande beropsbefolking sil der in tanimmende druk op it soarchstelsel komme en liede ta stigende kosten fan de soarch. Om de soarch takomstbestindich te hâlden yn De Fryske Marren wolle wy bygelyks yn gearwurking mei it Fries Planbureau earst in trochsjoch nei de takomst bepale om dêrnei te sjen wat der nedich is.
- Bern en jongeren dy't dat nedich hawwe moatte goede soarch krije. Dit jildt yn it bysûnder foar bern mei yngewikkelde problemen. Wy sette yn op effektive soarch foar húshâldingen dy't dat echt nedich hawwe, dat soe bestean kinne út it jaan fan ekstra stipe oan kwetsbere oanstearde âlden yn de ferloskundige soarch. Wy kieze foar gerichtere help dêr't dat nedich is en fersterking fan it normale libben dêr't dat kin.
- Jongeren ûnderfine in soad mentale problemen. Wy fine it dêrom wichtich dat jongeren in feilich plak hawwe om byinoar te kommen lykas yn jeugdketen. De útfiering fan it fêststelde jongereinbelied wurdt evaluearre en fuortset. Ek de ynset fan jongereinwurkers op ús middelbere skoallen hjirop fia ' Sis ris earlik ' moat behâlden wurde en wêr mooglik útboud wurde.
- Wy meitsje ús soargen oer it drugs- en alkoholgebrûk en it vapoan ûnder jongerein. Dat moat tsjingien wurde troch inisjativen yn oparbeidzjen mei GGD te organisearjen. Ek moat de Yslânske metoade (Opgroeien in een Kansrijke Omgeving / Cool DFM) yn gearwurking mei it Trimbosinstituút útwreide wurde. Yn de Yslânske metoade wurkje skoallen, âlden, gemeenten en oare partners gear oan in feilige omjouwing foar jongerein, om harren wolbefinden te ferbetterjen en middelgebrûk foar te kommen.

Feiligens en ûndermynjende kriminaliteit

Undermyning, oftewol de ferminging tusken de boppe- en ûnderwrâld, taast ús demokratyske en maatskiplike struktueren oan en freget om in strange en effisjinte oanpak.

Yn de ôfrûne perioade hawwe wy ús ynset foar mear bewustwurding mei ûnder oaren in foarljochtingsjûn foar ynteressearren op De Lemmer.

Undermyning rekket benammen beskate risikogroepen, en krekt dêrom is rjochte foarljochting fan grut belang. Wy wolle dy line trochsette en fersterkje, ûnder oaren troch gear te wurkjen mei partners lykas de ûnderwiisinstellingen en Regionale Informatie - en Expertise Centrum Noord-Nederland (RIEC-Noord). Sa meitsje wy ús jongerein, doarpen en wiken wjerberder tsjin kriminele ynfloeden.

Us CDA-plannen: each foar dyn takomst

- Wy pakke ûndermynjende kriminaliteit yntegraal oan troch goede gearwurking tusken plysje, justysje en oare ketenpartners, ûnder regy fan de boargemaster.
- Wy wolle mear ynset fan de wyk- en jeugdagint. Dizze aginten binne foar ynwenners en jongerein sichtber en benaderber yn de wyk.
- Wy sette de scanner Lokaal Drugsgebrûk fan it Trimbos ynstituút yn om ynsjoch te krijen yn drugsgebrûk en om kwetsbere doelgroepen yn byld te bringen. Wy sette dat ynsjoch oer nei effektyf belied, ferbetterjen fan previnsje en hanthavening.
- Wy wolle húsljik geweld en bernemishanneling werombringe troch leechdrompelige meldpunten foar slachtoffers, ier sinjalearing en in yntinsivere gearwurking tusken it sosjaal domein, soarchferlieners, jongereinwurkers, ûnderwiis en feilichheid (AVE-strategy). AVE stiet foar: *Integrale Aanpak ter Voorkoming van Escalatie bij huishoudens met oplopende problematiek*. It doel is it foarkommen fan in driigjend eskalearjende situaasje en it beheinen en beëinigjen fan in eskalearjende situaasje.
- Wy pleitsje foar in yntegrale (lanlike) oanpak foar it foarkommen fan femiside, ynklusyf helplinen, beskerming en foarljochting.

Besteanswissichheid en earmoedebestriding

It CDA hechtet in soad wearde oan in maatskippij wêryn't minsken harren belutsen fiele byinoar en ferantwurdlikheid nimme foar inoar. Yn ús gemeente libje sa'n 1.000 minsken ûnder de earmoedegrins. Dat is justjes minder as 2% fan ús befolking. Sûnder besteanswissichheid kinst net meidwaan yn de maatskippij. Elkenien moat tagong hawwe ta basisfoarsjennings. Gearwurking tusken lokale organisaasjes is nedich om in breed fangnet te foarmjen en sosjale koheezje wolle wy befoarderje. Troch it ferienfâldigjen fan lokale regelingen, yndividuele begelieding en finansjele stipe kinne wy minsken stypje. Dêrneist wolle wy in ferbod op gokreclame yn de iepenbiere romte.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy wolle trochgean mei de hûsbesites by betelefterstannen. Wy kinne hjirtroch minsken yn in betiid stadium helpe. Dit foarkomt dat minsken yn de skuldhelpferliening komme.
- Wy fine it wichtich dat minsken mei in smellere beurs ek meidwaan kinne oan sport en kultuer. Dêrom wolle wy trochgean mei it jeugdfûns sport en kultuer, it folwoeksenefûns en stichting learjild.
- Wy wurdearje de organisaasjes dy't harren ynsette foar minsken dy't muoite hawwe om rûn te kommen en wolle dêrom grutte ynset op it platfoarm earmoede en skulden.



4. Wenjen, iepenbiere romte en berikberens

Wêr stean wy foar

In leefbere omjouwing begjint by in plak dêr't je goed wenje kinne, je feilich fiele en yn ferbining stean mei je omjouwing. Oft je no jong binne of âld, allinnich wenje of mei in húshâlding; elkenien fertsjinnjet in thús yn in mienskip dy't omsjocht nei inoar. Foar it CDA betsjut leefberens mear as allinnich in dak boppe de holle. It giet ek om beskikbere foarsjennings, romte foar moeting, grien yn de omjouwing en in goede berikberens.

Wenjen en folkshúsfêsting

Betelbere wenningen binne krap, foarsjennings ferdwine út doarpen en de druk op de romte nimt ta. Tagelyk feroaret ús befolkingsgearstalling. We fergriizje, húshâldens wurde lytser en it wenferlet wurdt hieltyd grutter. Dêrom wolle wy ynvestearje yn betelbere takomstbestindige wenningbou: enerzjysunich, modulêr en fleksibel - oanpast oan it libben fan no én moarn.

Wy fine dat elk doarp yn prinsipe de mooglikheid krije moat om in 'wyk(je) derby' te bouwen. Takomstbestindige útwreidings, passend yn it lânskip en ôfstimd op it lokale ferlet. Sa bliuwt it mooglik foar minsken om yn harren fertroude omjouwing wenjen te bliuwen. Wy meitsje ek romte foar it splitsen fan besteande wenten, wenningdielen en it tafoegjen fan wenunits op gruttere hiemen – salang 't de leefberens waarboarge bliuwt. Histoaryske pannen meie net leechstean; dy fertsjinje in nije bestimming mei behâld fan karakter.

Dêrneist moatte wy each hawwe foar de druk op de wenningmerk yn toeristyske kearnen. Tefolle wenningen ferdwine nei de merk foar twadde huzen of rekreatyf gebrûk. Dit soarget foar leechstân bûten it seizoen (spûkdoarpen) en djoerdere huzen foar ynwenners. Doarpen binne der om yn te libjen.

Dêr wêr mooglik wurde yn de kearnen hofkes boud dêr't jongerein (starters) en âlderein gearlibje kinne by foarkar mei in mienskiplike romte foar in kop kofje. Frijkommende wenningen fan âlderen kinne foarsjen yn de trochstreaming.

Wy wolle mei-inoar bouwe oan in takomst wêryn't ek ús bern en bernsbarn graach yn De Fryske Marren wenje wolle.

“Ek starters en âlderein moatte in betelbere wenning fine kinne yn eigen doarp of stêd. Djoere, grutte huzen binne der al genôch” (Johan Bakker, Ychtenbrêge)

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy bouwe foar minsken, net foar de merk. Dêrom sette wy yn op folkshúsfêsting dêr't it ferlet fan ús ynwenners sintraal yn stiet. Wy fokusje op in mjuks fan (sosjale) hier- en (betelbere) keapwenten. Wêr mooglik dogge wy dat yn nauwe gearwurking mei wenningkorporaasjes.
- Wy steane foar in aktive grûnpolityk wêrby't de gemeente sels in rol nimt yn it oankeapjen fan grûn. Sa kinne wy better stjoere op de beskikberens fan boulokaasjes en soargje dat wenningen boud wurde yn it belang fan ús ynwenners, en net primêr foar de merk.



- Wy wolle it wenningtekoart werombringe en sjen nei de mooglikheid foar ynbreidzjen en útwreiding fan doarpen. Yn elk doarp mei der in strjitte of wyk byboud wurde, sadat ek jongerein en âlderein yn harren eigen doarp wenjen bliuwe kinne.
- Wy sette yn op fleksibele en takomstbestindige wenningbou: enerzjysunich, modulêr en oanpasber oan feroarjende wenwinken.
- Wy wolle in belied foar wenunits op gruttere hiemen dêr't gjin ôfbrek oan it lânskip it útgongspunt is.
- Wy benutte besteande wenten better troch mooglikheden foar splitsen, optoppen en wenningdielen, as de leefberens yn wiken garandearre bliuwt.
- Wy stimulearje klustere en nije wenfoarmen dêr't moeting sintraal stiet, lykas mienskiplike jongereinhúsfêsting, knarrenhofkes, meargeneraasjehofkes en mantelsoarchwenten.
- Histoaryske pannen meie net leechstean. Wy meitsje nije bestimmingen mooglik wêrby't wy soarchfâldich omgean mei it karakter fan dy gebouwen.
- Permaninte bewenning op fakânsjeparken bliuwe wy gedogen foar urginte doelgroepen, salang 't dat bydraacht oan leefberens en feilichheid.
- It tal fakânsjewenten / fakânsjeparken moat yn in goede ferhâlding stean ta de omfang fan it neistlizzende doarp of stêd.
- Spookdoarpen binne ûnwinsklik; doarpen binne der om yn te libjen, dêrom meitsje wy it keapjen fan reguliere wenten, dy't dêrnei net permanint bewenne wurde, minder oantreklik troch de forinzebelesting te ferheegjen.
- Wy sette yn op it hanthavenjen fan it ferbod op net-winske foarmen fan rekreatyf gebrûk fan reguliere wenten.

Duorsumens en enerzjy

Duorsumens, enerzjy en wenjen binne ûnskiedber mei-inoar ferbûn. Foar ús betsjut duorsumens net allinnich soarch foar it klimaat, mar ek ferantwurde omgean mei ús leefomjouwing en mei elkoar. Wy wolle in maatskippij wêryn't minsken mei-inoar ferantwurdlikheid nimme foar harren omjouwing, wêryn't lokale inisjativen romte krije en wêryn't wy bouwe oan in takomst dy't sawol leefber as helber is.

De kommende jierren wurdt de enerzjyfraach hieltyd grutter, wylst it elektrisiteitsnet no al oerbelêste is. Dizze netkongesty is in serieuze behindering foar wenningbou, bedriuw ûntwikkeling én ferduorsuming. Wêr mooglik, wolle wy as gemeente helpe om de druk op it net te ferljochtsjen. Wy sjogge in part fan de oplossing yn in tûke, ferskate enerzjymiks wêryn't net allinnich elektrisiteit, mar ek waarmte in wichtige rol spilet. Tink oan waarmtenetten en akwaterny – duorsume alternativen dy't de druk op it elektrisiteitsnet ferljochtsje en tagelyk soargje foar betroubere waarmtefoarsjenning. Projekten lykas it waarmtenet yn Balk, aquathermie yn Terherne en it waarmtenet op De Jouwer fine wy nijsgjirrige foarbylden, krekt omdat lokaal eigenskip en draachflak sintraal stean.

Dêrneist wol it CDA ek de kommende perioade ynwenners helpe by de ferduorsuming fan harren wenning fia enerzjycoaches mei ûnôfhinklik advys. We wolle ferduorsumje sûnder goede lânbougrûn op te offerjen. Dêrom wolle wy sinnepanielen op dakken, en wolle wy doarpsmûnen allinnich mei draachflak út de mienskip.

Koartsein, wy kieze foar in enerzjytransysje dy't past by ús wearden: solidariteit, mienskiplike ferantwurdlikheid en soarch foar takomstige generaasjes.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy stypje lokale enerzjykoöperaasjes en buertinisjativen, lykas mienskiplike buertbatterijen.
- Wy sette yn op ferduorsuming fan wenningen fia enerzjycoaches, dy't ynwenners fergees advisearje.
- Wy kieze foar in takomstbestindige enerzjyfoarsjenning troch aktyf te stjoeren op in brede enerzjymiks, romte te reservearjen foar enerzjy-ynfrastruktuer en it stimulearjen fan enerzjybesparing en fleksibel elektrisiteitsgebrûk.
- Wy wurkje yntiids gear mei netbehearders by romtlke plannen en fergunningferliening.
- Wy wolle ynwenners en bedriuwen stypje yn it ierdgasfrij meitsjen fan de wenning, tûk enerzjygebrûk, opslach, isolaasje en enerzjy-effisjinsje.
- Wy stypje kânsrike inisjativen út de maatskippij wei dy't helpe by de doelstelling om ierdgasfrij te wurden, lykas waarmtenetten en akwaterny.
- Wy stimulearje ferduorsuming, mar behâlde ús lânskip: gjin sinneparken te'n koste fan lânbougrûn. Doarpsmûnen allinnich yn oerlis en mei lokaal draachflak.
- Projekt Tûk Wenjen wolle wy behâlde: as foarbyld fan hoe 't lokaal inisjatyf en duorsumens hân yn hân gean kinne.

Mobiliteit en ynfrastruktuer

Wy fine berikberheid in basisrjocht. Elkenien moat rekkenje kinne op goede en feilige ferbiningen, oft je je no ferpleatse mei eigen ferfier of mei it iepenbier ferfier. In goede berikberheid befoarderet de leefberens en de oantreklikens fan ús gemeente.

Wy sjogge dêrby knyp punten yn'e ferkearsfeiligens. Us wegen wurde troch hieltyd mear ferskillende ferfiermiddels brûkt (tink oan e-bikes, fatbikes, fytzers, auto's en lânbouferkear) dy't soms muoite hawwe om de wegen op in goede wize mei-inoar te dielen. Wy wolle sykje nei praktyske en feilige oplossingen, lykas (wêr mooglik) it ferpleatsen fan lânbouferkear nei bredere diken.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy fine dat der goede OV-ferbinings yn en tusken doarpen wêze moatte, wêrby 't karren net allinnich makke wurde op grûn fan koste-effisjinsje. Dat wurdt aktyf útdroegen yn oerlizen mei de Provinsje.
- Wy ynvestearje yn feilige oanfytsrûtes nei skoallen, doarpsinfra en sportfoarsjennings.

- Om de feilichheid op wegen te ferbetterjen, wolle wy lânbouferkear safolle mooglik fia bredere diken ride litte, ek wêr't dat no noch net tastien is lykas op de N-wei tusken Balk en Wâldsein, eventueel mei útfoechmooglikheden om flugger ferkear passearje te litten.



- Wy stimulearje de inisjativen út de mienskip wei dy't gean oer dielmobiliteit, lykas dielauto's en dielfytsen.

*"Feilige wegen, sterke ferbiningen en goed ferljochte
fytspaden hâlde ús doarpen leefber"*
(Bauke de Wolff, Skarsterbrêge)

Iepenbiere romte en leefomjouwing

De iepenbiere romte foarmet it fisitekaartsje fan ús gemeente. It giet hjirby net allinnich om de fersoarging fan diken, stoepen, plantsoenen en bermen, mar ek om de útstrieling en belibbing dy't dizze plakken mei him meibringe. In kreaze, tagonklike en feilige leefomjouwing draacht by oan it wengenot fan ús ynwenners en is beskiedend foar hoe't besikers ús gemeente ûnderfine.

De iepenbiere romte is méar as allinnich funksjoneel. It is in plak fan moeting, dêr't minsken byinoar komme, dêr't je sporte of muzyk meitsje kinne, dêr't bern boartsje en buertgenoaten inoar kennen leare. Dêrom is it fan grut belang dat dizze romte foar elkenien tagonklik is, jong en âld, mobyl of minder mobyl.

Goed ûnderhâld fan it iepenbier grien en iepenbiere foarsjenningen is dêrby ûnmisber. Dit soarget foar in kreaze en fersoarge útstrieling en draacht by oan de gastfrijheid, biodiversiteit en sûnens. Wy sette yn op soarchfâldich behear fan plantsoenen, bermen en beammen. Tagelyk sykje wy nei manieren om ynwenners en lokale inisjativen te belûken by it ûnderhâld, sadat it grien yn de iepenbiere romte past by de identiteit fan de omjouwing en bydraacht oan in leefbere gemeente.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- De iepenbiere romte is in plak foar moeting. Wy rjochtsje dizze fleksibel yn, sadat der romte is foar buert-BBQ's, merken en sportaktiviteiten.
- Wy nimme klimaatadaptive maatregels tsjin hjittestress en wetteroerlêst ûnder mear troch genôch grien yn de wenkearnen en in ferfolch te jaan oan NK Tegelwippen, dy daget ynwenners út om safolle mooglik tegels te ferfangen troch grien mei as doel de leefomjouwing te ferduorsumjen en klimaatbestindiger te meitsjen.



- Wy stimulearje safolle mooglik it ôfkeppeljen fan de ôffier fan reinwetter fan it rioel, ûnder mear troch behâld fan de subsydzjeregeling (grien en blauwe maatregels) foar opfang en (wer)gebrûk fan reinwetter of it ferlizzen fan de ôffier fan reinwetter nei sleatten, fearten of wadi's (tydlike opfang fan himelwetter). By nije wenwiken wurdt dêr fuortendaliks rekken mei hâlden.
- Bewenners wurde aktyf behelle by ûntwerp en behear fan it grien yn harren buert, wat eigenskip en ferbûnens fersterket.
- It bermebehear moat minimaal op it hjoeddeiske nivo bliuwe.
- Foar de iepenbiere foarsjennings wolle wy dat de gemeente de beskikberens fan (iepenbiere) húskes ûndersiket en wêr nedich ferbetteret.

Ruimte met een toekomst

Us gemeente is in plak fan rêst, romte en útsjoch. We steane foar grutte opjeften: der is fraach nei nije wenten, romte foar bedriuwen en der komme mooglik yngripende projekten oan, lykas de 380 kV-line, de Lelyline en de gaswinning. Tagelyk is ús romte krap en weardefol. Dêrom meitsje wy by it ûntwikkeljen fan de romte bewuste karren: mei each foar it lânskip, de leefberens en de takomst fan ús mienskip. Dit dogge wy fan ûnderop, tegearre mei ynwenners en ûndernimmers. Sa soargje wy derfoar dat ús gemeente in noflik plak bliuwt om te wenjen, foar ús en foar de generaasjes nei ús.

Romtlike ûntjouwing is foar ús gjin optelsom fan projekten, mar it stal jaan fan in leefbere takomst. Dat freget om fyzje en gearhing. Wy kieze foar in yntegrale oanpak dêr't wenje, wurkje, duorsumens en lânskip yn lykwicht binne. Wy bouwe net allinnich oan huzen, mar oan mienskippen dêr't minsken harren thús fiele.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy moatte de beskikbere romte brûke kinne foar wenningbou en ekonomyske ûntjouwingen yn ús gemeente. Fansels wol mei each foar ús lânskip.
- Wy pleitsje foar in gemeentlik programma lanlik gebiet dêr't wy ynwenners, bedriuwen, lânbou en natuerorganisaasjes by belûke.
- Yn it gefal it trajekt fan de Lelyline troch ús gemeente komt te lizzen, moatte ús ynwenners en bedriuwen dêr konkreet profyt fan hawwe.

5. De gemeente betelber en tichteby

Wêr stean wy foar

It CDA stiet foar in solide en ferantwurde finansjeel belied. Wy fine dat oerheidsfinânsjes op oarder wêze moatte: transparant, doelmjittich en takomstbestindich. Elke euro dy't de oerheid útgjout, is mienskipsjild en moat mei soarch bestege wurde. Gemeenten moatte dêrom sober en deeglik omgean mei harren middels en gjin finansjele risiko's trochskowe nei takomstige generaasjes. Tagelyk is it wichtich dat der foldwaande romte bliuwt foar ynvestearringen dy't bydrage oan ekonomyske groei en in fitale leefomjouwing. Allinnich sa bouwe wy oan in sterke en duorsume finansjele basis.

Gemeentlike finânsjes en belestingen

De gemeentlike begrutting moat slutend wêze, mei in realistyske mearjierreroezing en dúdlik sicht op finansjele risiko's. By tekoarten sjocht it CDA earst nei de mooglikheden binnen de gemeentlike organisaasje, yn stee fan direkt de lêsten foar ynwenners te ferheegjen. Tink dêrby oan in subsydzjeregeling dy't al jierrenlang ûnbenut bliuwt. Lokale lêsten moatte earlik ferdield en doelrjochte ynset wurde. Belestingen en heffingen meie allinnich heft wurde foar it doel dêr't se foar bedoeld binne.

It CDA fynt ek dat wa't gebrûk makket fan gemeentlike foarsjenningen, dêroan bydrage moat. Dêrom stypje wy it heffen fan toeristebelesting én ferbliuwsbelesting foar persoanen dy't net ynskreaun steane yn de Basisregistraasje Personen (BRP), lykas arbeidsmigranten of tydlike bewenners. Dizze groepen meitsje krekt as oaren gebrûk fan iepenbiere romte, ynfrastuktuer en foarsjennings. Wy fine it logysk dat sy dêroan meibetelje.

In wichtich punt fan omtinken is de ûntwikkeling fan de ûnreplikesaakbelesting (OZB). Dizze belesting rekket fuortdaliks de keapkrêft fan húshâldingen. It CDA wol de OZB dêrom net hurder omheech gean litte as de ynflaasje. Troch in ynflaasjeslot yn te stellen, hâlde wy de lêsten foarsisber en binnen reedlike grinzen.

De finansjele posysje fan gemeenten stiet ûnder druk. Rykstaken binne oerhevele nei it lokale nivo sûnder foldwaande finansjele kompensasje, benammen yn it sosjaal domein. Dêrtroch is de beliedsfrijheid fan gemeenten ôfnommen en komt de útfiering fan keartaken yn it geding. It CDA fynt dat it Ryk syn ferantwurdlikheid nimme moat troch struktureel mear finansjele romte oan gemeenten te jaan en dúdlike ôfspraken te meitsjen oer de ferdieling fan taken en middels.

In betroubere oerheid begjint by goed behear fan publike middels. Troch te kiezen foar ferstannich, earlik en transparant finansjeel belied, soargje wy derfoar dat gemeenten harren wurk goed dwaan kinne - no én yn de takomst.

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- It CDA wol solide gemeentefinânsjes, sadat wichtige foarsjennings lykas soarch, ûnderwiis, ôffalynsammeling, grienûnderhâld en sa goed funksjonearjen bliuwe.
- De gemeentlike ûnreplikesaakbelesting (OZB) giet net hurder omheech as de ynflaasje. Sa beskermje wy ynwenners tsjin ûnnedige lêsteferheging en soargje wy foar in stabyl belestingsklimaat.
- Gemeentlike heffingen moatte foarsisber, transparant en doelrjochte wêze. It CDA kiest foar in lykwichtige ferdieling fan lêsten tusken ynwenners, bedriuwen, toeristen en tydlike bewenners. Belestingen wurde allinnich heft wêr't it nedich is, en altyd keppele oan it brûken fan foarsjennings. Sa hâlde we de lokale lêsten rjochtfeardich en betelber.

De gemeente tichtby: in tagonklike en belutsen gemeente foar elkenien

Us gemeente is útstrutsen. De reis fan bygelyks Bakhuzen nei De Jouwer duorret al gau mear as in healoere. Tagelyk wurde oerheden hieltyd digitaler. Wy fine it wichtich dat elkenien meidwaan kin yn ús maatskippij – nettsjinsteande ôfstân of digitale feardichheden. Dêrom sette wy ús yn foar in tagonklike gemeente, sawol foar ynwenners as foar bedriuwen.

We behâlde de servicepunten fan it gemeentehûs yn Balk en De Lemmer. Sa bliuwe we tichteby foar wa't leaver persoanlik delkomt. Tagelyk meitsje wy kontakt mei de gemeente fleksibeler. Ynwenners kinne ôfspraken meitsje op in wize dy't by harren past: digitaal fia bygelyks Teams, op it gemeentehûs of – as dat noflikker is – gewoan thús oan de keukentafel.

Biblioteken spylje in wichtige rol yn it stypjen fan ynwenners op it mêd fan taal - en digitale feardichheden. Dit is fan grut belang foar minsken dy't net goed lêze kinne of digitaal minder feardich binne. Wy wolle dat minsken dy't dat nedich hawwe, fia de biblioteken help ynskeakelje kinne by de (digitale) kommunikaasje mei de ferskate oerheden, lykas help by it ynfoljen fan formulieren.

“De gemeente moat tichtby en berikber bliuwe mei servicepunten yn Balk en De Lemmer en help fia biblioteken foar wa 't digitaal minder feardich is”, (Brigitte van der Zee, Ychtenbrêge)

Us CDA-plannen: Each foar dyn takomst

- Wy wolle de servicepunten fan it gemeentehûs yn Balk en De Lemmer behâlde.
- Wy wolle better oanslute by de winsken fan ynwenners as sy kontakt hawwe mei de gemeente. Dêrom meitsje wy ôfspraken op in wize dy't by harren past: digitaal (fia bygelyks Teams), op it gemeentehûs of gewoan by de minsken thús.
- Wy wolle de wichtige rol fan biblioteken bliuwend stypje, ek wêr't it giet oer de help oan minsken dy't net goed lêze kinne of net genôch digitaal feardich binne, ûnder mear troch it behâld fan 'e brieviewaskerette.



6. Tankwurd

By it skriuwen fan it ferkiezingsprogramma hawwe wy in soad minsken sprutsen. Net allinnich CDA-leden, mar ek (bestjoersleden en frijwilligers fan) pleatslike belangen, doarpsbelangen, kulturele- en sportferienings, ûndernimmersferieningen, lânbouwers, ûndernimmers, âlden, jongerein, âlderein ensfh. Elk petear joech ús weardefolle ynsichten en ynspiraasje.

Wy hoopje hjirmei in wjerspegeling te jaan fan wat ús allegearre dwaande hâldt en bynt. Wy binne elkenien dy't hjir oan bydroegen hat tankber foar harren iepenheid en belutsenens.

Volken Holtrop (vz), Barbara Gardeniers, Trycia van Brug, Johannes Wierstra en Bauke de Wolff, programmakommisje



De earste 12 kandidaten op de CDA-kandidatelist foar de riedsferkiezingen, f.l.n.r.: Jan van Zanden (3), Johan Bakker (11), Brigitte van der Zee (9), Bauke de Wolff (4), Cor Flapper (1), Yme Nota (8), Johannes Wierstra (12), Kees Mulder (7), Fokke Hoekstra (10), Barbara Gardeniers (2), Jacob Cloo (6) en Florian Wesselius (5).

De folsleine kandidatelist, dit programma en oare ynformaasje fine jo op:
www.cda.nl/friesland/de-fryske-marren/